

No knibbelje wy foar jo troan

1

No knibbelje wy foar jo troan,
wy, Hear, mei al jo lidden,
en biede Jo ús hulde oan
yn sjongen en yn bidden.
Lit alle machten, goed en kwea,
foar Jo, Gods trouwe tsjûge,
o foarst, o earst'ling út 'e dea,
har djip earbiedich bûge.

2

Jo hawwe_ús wosken mei jo bloed,
ta prysters ús feriene,
en woenen ús de hege moed
fan keningen ferliene.
Oan Jo de lof, oan Jo de rom!
oan Jo de earekroane.
De ierde_en 't himelsk hillichdom
sill' fan jo gloarje droane.

3

Jo binn' ferriisd yn hearlikheid
ta heil fan alle folken,
en komme wer yn majesteit
ferskinend op de wolken.
*Wannear't Hy komt en elk Him sjocht,
ek sy dy't tsjin Him wiene,
sil elkenien syn earlik rjocht
besjunge of beskrieme.*

4

*Hoe stadich ek de tiid ferrint,
dy dei is wis op hannen.
It deiljocht dat de nacht oerwint
sil strielje oer de lannen.*
Hy komt, Hy komt, halleluja!
Besjong syn grutte namme.
Bring, minsken, ingels, gloarje ta
oan Kristus, amen, amen!

tekst Clara Feyoena van Raesfelt-van Sytzama – 'Wij knielen voor uw zetel neer'
oersetting David de Jong
meldij Herrnhut sa. 1740 – 'Die Wanderschaft in dieser Zeit'